Tydskrift foar Fryske Taalkunde

jiergong 3 (1987)

nû. 3

Fan hûs ût oarstalige bern ûnderweis nei Fryske ferlytsingsfoarmen

KRINE BOELENS

Summary: With the aid of toys we elicited some plurals and diminutives from 783 schoolchildren in a Frisisan speaking rural area. These children fail to apply breaking in some of these forms where adults do use it. We wanted to know whether this is a delayed language acquisition, a starting of a language change in the community, or both perhaps. A review of this investigation is to be found in The International Journal of the Sociology of Language (1987), 64, 96-106.
In this article, as a byproduct, we focus on the Dutch-speaking children of our investigation, especially on their acquisition of the Frisian diminutives. All of them have Dutch as a homelanguage and have been living in these predominantly Frisian-speaking villages for a shorter or langer part of their lives. Two thirds of them speak Frisian fluently, but we were especially interested in the hybrid forms between Frisian and Dutch they produced.
These forms may be distinguished into four groups: Dutch radical word with Frisian suffix, Frisian radical with Dutch suffix, Frisian radical with a wrong Frisian suffix and last but not least a Frisian (or exceptionally a Dutch) radical with two different suffix-rules applied in one word, which were called "steapelfoarmen" ("staple-forms"). Sometimes you could "hear the childrens' monitor work". The article closes with some didactical remarks.

0. Oanrin

Yn 'e hjerst fan 1983 is de helte fan alle Dongeradielster skoalbern frege nei har meartal en ferlytsingswurd fan de Fryske wurden hier, stien, beam, tean, doar, noas, foet en stoel. De fan hûs ût net-frysktaligen kamen dêrby gauris mei foarmen fan ferlytsingswurden, dy't tusken Nederlânsk en Frysk yn steane. Dy tuskenfoarmen binne ûnder te bringen by fjouwer skiften: Nederlânsk grûnwurd mei in Frysk suffiks, in Frysk grûnwurd mei in Nederlânsk suffiks, oergeneralisaasjes binnen it Frysk en dan noch foarmen lykas 'stuoltske'[1], wenlik steapelfoarmen fan Fryske suffiksen. Der is besocht om ût te finen hokker

[1] De brekking is hjir oanjûn sûnder fonetyske tekens te brûken.

fariabelen oft dêr foaral yn meispylje, as dizze fan hûs ût oarstalige bern dy't ûnderweis binne nei it Frysk mei dizze tuskenfoarmen komme. De ôfsluting is in didaktysk kommentaar.

1. It ûndersyk

Seppy Krol en Saapke van der Meer ha my holpen by it ôffreegjen yn de tsien beuker- en legere skoallen yn Eanjum (nr. 11), Ingwierrum (10), Peazens (8), Nijewier (12), Nes (5), Ternaard (6) - dêr allinne de bysûndere neutrale beukerskoalle en de iepenbiere legere skoalle -, Brantgum (9), Boarnwirt (13) en Holwert (71 it iepenbier en 72 it bysûnder ûnderwiis). Dat wie de ôfwoegen helte fan alle beuker- en legere skoallen yn de eardere gemeenten East- en Westdongeradiel.[2] It freegjen, dat gie oan de hân fan gongber boartersguod. Om der wat yn te kommen mochten de bern boartsje mei in autootsje dat iepen koe. dan kaam it al rillegau op: "Ja, dat is de ..." (kofferklep, achterbak) en fia de moterkap bedarren we dan by de doarren, dêr't it om begûn wie. By gruttere en Frysktalige bern koe it koarter om 'e hoeke: "Wat tinkste, wat is dat?". "Ja, en no steane hjir twa ...". "En dan dit noch, dat is in heel lyts ...". Ek by fan hûs ût net-frysktalige bern is sa folle as it koe it Frysk as fiertaal oanhâlden.

Allinne as jongere bern of nijynkommelingen it Frysk net koene, is oergien op it Nederlânsk as fiertaal. Mar datsoarte fan bern kaam net oan tuskenfoarmen ta. Dat de net-frysktaligen dêr't it hjir om giet waarden ûnderdompele yn it Frysk. As de bern ien kear allinne wiene mei frjemd yn "it keammerke" of sa, dan woene se wol prate. Men krige hele ferhalen en dy wiene by fan hûs ût oarstaligen ek wol yn it Frysk. By beukers foaral wie it wolris melken om it wurd der ût te krijen, dêr't men no ienkear op oan stjoerde. De jongste beukers hiene gauris sels noch gjin apart ferlytsingswurd en hja rêden har der dan ût mei bygelyks "lytse stoel". Ek âldere net-frysktaligen, dy't bygelyks tsjin stuoltsje oan skytskoarren, besochten it op sa'n foet.

---

[2]Mei tank oan dr. H. Knol dy't holpen hat om oan in ferantwurde yndieling yn twaen te kommen.

Fan de 783 bern wiene 607 fan hûs ût frysktalich. De strak oanhâlden eask dêrfoar wie dat de âlden frysktalich wêze moasten en dat boppedat it Frysk ek de fiertaal wie. De personeelsleden ha ûs oan dy ynformaasje holpen.[3] Krekt sa hiene de fan hûs ût nederlânsktalige bern âlden mei it Nederlânsk as earste fiertaal en moast it Nederlânsk dêr thûs ek de fiertaal wêze. Al de oare bern, dy't bygelyks Stedsfrysk, Kollumersk, Amelânsk, Grinslânsk of Bildsk praten of dêr't mar ien fan beide âlden frysktalich wie, dy hearre hjir ta de minggroep. Nederlânsktaligen en de minggroep tegearre, dy neam ik dan de oarstaligen.

Earst is de groep fan 94 nederlânsktalige bern neigien op syn tuskenfoarmen en doe de minggroep fan 82 bern. De antwurden fan 'e bern binne, wat it suffiks fan it ferlytsingswurd oanbelanget, yn trijen yn te dielen: hja ha de Nederlânske foarm (deurtje), of de Fryske (duarke) of hja ha fan beiden wat (doartsje). It hat bliken dien, dat al de tuskenfoarmen ût de minggroep - op twa nei - ek al foarkamen by de nederlânsktalige bern. Dy 94 nederlânsktaligen brûkten 82 kear in tuskenfoarm. Dêrneffens hiene de 82 mingdtaligen sawat 72 kear in tuskenfoarm ha moatten, mar hja kamen meiinoar mar 32 kear mei in tuskenfoarm, dat is fiks minder as de helte fan wat men ferwachtsje mocht. De nederlânsktalige bern jouwe hjir de trend oan en soks hoecht jin ek net iens sa slim te fernuverjen, want de ferlytsingsfoarmen steane yn alle hjir foarkommende dialekten tichter by de Fryske as by de Nederlânske noarm.[4]

2. De Nederlânske noarm

Foar de Nederlânske standert is ôfgien op de ANS, s. 79-85.[5] By it formulearjen fan de regels haw ik oanstjoerd op in skema, dat jin it fergelykjen mei de Fryske standert mûglik makket. Dy Nederlânske standert brûkt it suffiks

---

[3]De bestjoeren en de personelen wurde ek tige betanke foar al de meiwurking foar en by it ûndersyk en net it minst foar de ynbring by de neipetearen.

[4]De gongbere Grinslânske foarmen oan de oare kant de Lauwers haw ik fan David Hartsema, Grinslânsk skriuwer, dy't op it Lauwerseach wennet. Yn Ingwierrum kamen dêr noch al ris in pear âlden fan skoalbern wei.

[5]Algemene Nederlandse Spraakkunst. Groningen/Leuven, 1984.

-je mei de foarmfarianten -kje, -pje, -tje en -etje om ferlytsingswurden ôf te lieden. De ANS hat by dy haadregel in 1 en jout dêr per fariant by oan, hokker grûnwurden oft dit suffiks krije. Letter komt noch in regel 2 oer it gebrûk fan de suffiksen -ke (en farianten) en -ie. Hjirûnder wurde dy regels mei N(ederlânsk) 1 en 2 oantsjut:

N1a -kje by grûnwurden op -ing sûnder klam (de g falt wei yn de stavering), bygelyks koninkje. Dêr binne twa útsûnderingen op:
1: As ek it oan -ing foarôfgeande wurdlid gjin klam hat, dan wurdt de útgong -etje. Fgl. soldêrinkje mei zolderingetje.
2: Persoansnammen op -ling krije -etje, bygelyks leerlingetje.

N1b -pje by grûnwurden op in m foarôfgien fan in sjwa, in spande fokaal[6], ie, oe, uu, in twalûd en/of in r of l. Foarbylden binne bezempje, boompje, riempje, bloempje, kostuumpje, geheimpje, wormpje en palmpje.

N1c -tje by guon op in sjwa, in spande fokaal, ie, oe, uu of in twalûd, bygelyks anekdotetje, laatje, knietje, touwtje, truitje;
by guon op in sjwa, in spande fokaal, ie, oe, uu of in twalûd + n, l, r of w. Bygelyks wagentje, lepeltje, motortje, boontje, wieltje, boertje, duwtje.

N1d -etje by guon mei in net-spande fokaal + m, n, ng, l of r. Bygelyks lammetje, pennetje, wangetje, balletje, karretje.

N1e -je by alle oare grûnwurden; dêr hat it ferlytsingswurd it achterheaksel -je, dat is te sizzen nei p, b, t, d, f, s, k, g of ch. Bygelyks hapje, aapje, webje, katje, paadje, mofje, stoofje, mesje, meesje, dakje, mugje, lachje.

N2 -ke (en farianten) en -ie. Dy achterheaksels wurde

---

[6]De spande fokalen binne neffens de ANS s. 62 dy fan de wurden paar, keel, boom, deun; de net spande dy fan kam, mes, pil, hor, put. De fokalen fan piek, fuut, en boer foarmje in groep sûnder namme tusken spand en net spand.

regionaal brûkt. Yn de standert bliuwt it by famkesnammen lykas Anneke en by affektyf of literêr gebrûk, lykas yn een aardich meiske en een kindeke klein.

Morfonologyske regels lykas hjirboppe, dy kinne wol útsûnderings ha. It materiaal fan de ANS wiist ek al op ferskowingen, dy't hjir blykber geande binne. Ien dêrfan is it útwreidzjen fan -etje op kosten fan -pje en -je. Yn ús bernejierren doarmen der yn W.G. van de Hulst syn berneboeken biggetjes om op weggetjes en tusken heggetjes. En op 't heden riedt de blommehandel jin ek wakker oan: "Neem vaker een bloemetje mee". As der klam lein wurdt op it lytse en leaven fan dingen, en soks is yn 'e bernetaalsfear gauris sa, dan bringt it gefoel it gebrûk fan -etje mei. In popje is in lytse poppe. Mar in poppetje is - by my teminsten - boartersguod. Fjirtich jier ferlyn hie yn Hollân in haad fan de skoalle it op kreambesite oer "een lieiêf klein poppetje", mar dat fûnen wy doe healloen praat. Yn it Frysk kin popke in ferlytsingswurd wêze foar in bern of foar boartersguod. Mar in poppe is - al wer, by my teminsten - gjin boartersguod. It leit dus gefoelich mei de ferlytsingswurden en it hoecht jin dan ek gjin nij te dwaan, dat in nederlânsktalich bern yn ús fraachpetear op stoeletje kaam. Stoel is foar it gefoel in neutraal wurd, lykas bygelyks dop of vlieg en men seit ek net fan *doppetje of *vliegetje. Doch kin stoeletje as berneboartersguod (en dat wie it hjir) gefoelslading opdien ha en dan sil dizze oarstalige situaasje der ek sinent ta dien ha om dizze bern (nrs. 71.111 en 11.308[7]) los te weakjen fan de strakke noarm fan N lc. Mar yn dit artikel is stoeletje net ta de tuskenfoarmen rekkene, it wurdt oanmurken as in ûntjouwing binnen it Nederlânsk. Fierdere grinzen fan it begryp "tuskenfoarm" wurde hjirûnder oanjûn

---

[7]De notaasje 71.111 jout oan dat dit bern yn Holwert op 'e iepenbiere skoalle gie, fgl. paragraaf 1. It earste sifer nei de punt jout de klasse oan, in 1 slacht op de jongste beukers, in 2 op de âldste en dan is in 3 de earste klasse fan de legere skoalle en sa fierder oant de sechsde klasse mei in 8. Dit bern is nr. 11 fan de jongste beukers, en dat folchnûmer yn de klasse is oernommen fan it personeel, it giet al meast werom op de achternamme fan de bern yn alafabetyske folchoarder.

by paragraaf 4. Hjir earst de Fryske noarm.

3. De Fryske noarm

De Fryske noarm fan ferlytsingswurden seit, dat dy foarme wurde troch -ke, -tsje of -je ta te heakjen oan it grûnwurd[8] (F stiet foar Frysk):

F1	-ke	by guon nei in fokaal, in twalûd, m, p, b, f, s of r.
F2	-tsje	by guon nei l, n, t, d.
F3	-je	by guon nei k, ch, ng (ng wurdt dan yn 'e stavering nk).

In bern dat ût it Nederlânsk wei ûnderweis is nei it Frysk hat by de ferlytsingswurden nochal wat tûkelteammen. Hjirûnder wurde se allegearre efkes oantsjut en dêrby steane de acht ôffrege haadwurden yn haadletters ôfprinte:

Nla	-kje	F3 -(k)je	nei ng, bgl. koaninkje, tekeninkje, twalinkje.
Nlb	-pje	F1 -ke	nei m, bgl. BEAMKE, wjirmke.
Nlc	-tje	F1 -ke	nei fokaal of twalûd, bgl. kaike, autoke.
			nei r, bgl. parke, DUARKE, HJIRKE, letterke.
		F2 -tsje	nei n of l, bgl. weintsje, leppeltsje, STJINTSJE, TJENTSJE, STUOLTSJE.
Nld	-etje	F1 -ke	nei m of r, bgl. lamke, karke.
		F2 -tsje	nei n of l, bgl. pentsje, baltsje.
		F3 -(k)je	nei ng, bgl. wankje.
Nle	-je	F1 -ke	nei p, b, f of s, bgl. aapke, webke, kuifke, hûske, NUASKE.
		F2 -tsje	nei t of d, bgl. katsje, paadsje, FUOTSJE.
		F3 -je	nei k of ch, bgl. dakje, michje.

Ek dizze morfonologyske regels binne net izerhurd. Yn it Frysk liket -ke grûn te ferliezen oan -tsje. Under F1 falle bygelyks de grûnwurden do, triuw, buro en autoi. Foar my lizze de fanâlds Fryskeigen ferlytsingswurden doke en triuwke fêst neffens de regel F1. It Frysk wurdboek

---

[8] De Fryske noarm is helle ût it yn 1985 ûtkommen boek fan dr. P.M. Tiersma, Frisian Reference Grammar, Dordrecht.

1984[9] hat by buro: buroke, burootsje, mar by auto is it: autootsje, autoke. Myn taalgebrûk slût dêrby oan, want in skriuwburoke en in skriuwburootsje binne my beide wol eigen, mar by in lytse auto haw ik gjin twifel, dat is in autotsje. It nei it Nederlânsk útskaaiende efterheaksel -tsje wint it hjir en dat sil wol gearhingje mei de hege wurdfrekwinsje fan de langer ûnmisbere auto.

Dizze inkelde oantekening by de Nederlânske en by de Fryske regels foar de foarming fan ferlytsingswurden wol allinne mar oanjaan, dat der ûnwissens en ferskowing sit yn elk fan de beide noarmen. It hele spanningsfjild tusken dy nei besibbe talen, dêr't it bern yn omavensearje moat, leveret mei syn -ke, -tsje en -etje in riker ferskaat op as de noarmen oanjouwe. Der is allinne gjin oar útgongspunt foar in besprek fan de tuskenfoarmen.

4. De tuskenfoarmen: wat wurdt dêr ta rekkene?

In fan hûs út oarstalich bern, dat Frysk prate wol, hat kar út trije: it kin it Fryske wurd brûke, it Nederlânske wurd foar kar nimme of der tusken yn gean. Dy lêste foarmen, fleis noch fisk, dy wurde hjir tuskenfoarmen neamd. Dy term hat in beheinder ynhâld as it wurd ynterferinsje. By ynterferinsjes tink ik oan wurden of eleminten út jins iene fiertaal, dy't tsjin it idioom fan jins oare fiertaal yn geane, mar der likegoed geregeldwei yn brûkt wurde. In Turkske gastarbeider yn Dútsklân sil fan need safolle fan dy ynterferinsjes brûke, dat it suver in apart taaltsje wurdt. As in rige fan syn maten deselde kar docht, dan ûntstiet der in min of mear stabilisearre tuskentaal. Dêr giet it hjir net om. Yn dit artikel is opnommen wat in bern by de enkête foar op 'e tonge lei. Gauris wie it skoan te fernimmen, dat it him net foldie wat er sein hie. Dan rekke er oan it monitorjen[10] en hy paste selskrityk ta by it sykjen om in gaadliker foarm.

Sa sei in jonge út de fyfde klasse (9.709) earst fan tjen en doe tean. It meartal wie flot tjennen. Mar doe kaam it ferlytsingswurd yn fjouwer stadia:

---

[9] Frysk Wurdboek 1, Frysk-Nederlânsk. Leeuwarden/Ljouwert, 1984.

[10] A. Hagen, Standaardtaal en dialektsprekende kinderen. Een studie over monitoring van taalgebruik. Muiderberg 1980.

1. teantje = Fr. tean + Ned. -tje } beide noch sûn-
2. teantsje = Fr. tean + Fr. -tsje } der brekking
3. tjenpje = Fr. tjen + Ned. -pje (regel Nlb tapast nei in n)
   'tjentsje' (net sein, wol in stapke yn it tinken)
   'tjentsje' = by ferkearde deling: tjent + sje (F2)
   'tjent + s + je' (werstrukturearring)
4. tjent + s + -ke (neffens regel F1)

By it begrinzjen fan de tuskenfoarmen foel it wurd stoeletje der al ût, omt dat by in yntern Nederlânske ûntjouwing heart. Mar ek haarty, stjintsy, stientsy en stuoltsy binne hjir net meiteld, omdat dy yn in dialekt thûshearre bûten de beide standerts dêr't it hjir oer giet. By neifreegjen kaam it ek ût, dat dizze bern weromfoelen op it dialekt fan ien fan de âlden. Wurden as foetsje en stoeltsje binne ek net meirekkene, omt it hjir net giet om it al of net foarkommen fan de brekking, mar om it suffiks. En de beide suffiksen -(t)sje binne hjir neffens de Fryske noarm op har plak. By stuoltje leit dat oars. Dat heart wol ta de tuskenfoarmen (tf). Stûltje is noarmatyf Nederlânsk. It wurd neuske soe wenlik al ta de tf rekkene wurde moatte, om't it in Nederlânsk grûnwurd is mei it Fryske suffiks -ke. Mar dy foarm is by de fan hûs ût Frysktalige bern hjir sa gewoan, dat ik it hjir ta de Fryske koine rekkenje. Neusje is Nederlânsk, noasje is in tf, mar noaske en nuaske binne Fryske foarmen.

5. Oersicht fan de tuskenfoarmen

De 176 oarstalige bern ha 119 kear in tuskenfoam ynbrocht:

Ned. grûnwurd en Fr. suffiks (-ke)	2 kear
Fr. grûnwurd en Ned. suffiks (-je, -tje, -pje of -kje)	37 kear
Fr. grûnwurd (al of net mei de noarmative brekking) en in "ferkeard" Frysk suffiks (-tsje of -ke)	63 kear
Fr. of inkeldris Ned. grûnwurd mei steapelfoarmen (-ske of -tske)	17 kear

Dit is in earste, wat formalistyske, yndieling. Tenei sille, ûtgeand fan de monitorprosessen yn it bern, de seis foarmen op -kje net mear rekkene wurde ta it twadde skift (Frysk grûnwurd mei Ned. suffiks, sjuch Nla en ek F3). Mar der wurdt fan ûtgien, dat it bern hjir achterinoar twa Fryske regels (F1 en F3) tapast. It tal steapelfoarmen

R E G I S T E R O E R D E J I E R G O N G E N
I, II, III (1985, 1986, 1987)
fan it
Tydskrift foar Fryske Taalkunde

Artikels:

Boelens, Krine: Fan hûs ût oarstalige bern ûnderweis nei Fryske ferlytsingsfoarmen..... III:73-88

Bourgonje, G.C.J.: It plak fan it bywurd yn it Ingelsk as frjemde taal: in ûndersyk oer talen hinne: II:33-48

Dyk, Siebren: De yndieling fan 'e fokalen yn 'e Fryske spraaklear fan Rasmus Rask..... I:1-7

Haan, Germen de: Frysk prate en praten..... II:1-11

Hoekstra, Jarich: Is Midfrysk, Nijfrysk (be)beskje "(be)-kleie" in spoekwurd?..... I:8-15

Hoekstra, Jarich: De Fryske nammen foar de Asio flammeus (Pontoppidan).....II:12-20

Hoekstra, Jarich: It augmint yn gearsettingen fan it type VN.....III:1-16

Hoekstra, Jarich: Oer it ynfoegjen fan t/d tusken s/z en r..... III:54-59

Kuip, Frits van der: Syllabisearring yn it Frysk en it Hollânsk fan Fryskpraters..... II:69-92

Kuip, Frits van der: Utspraken oer en waarnimmingen fan syllabisearring fan ±1850 ôf..... III:37-53

Visser, Willem: Ta de nasalearring yn it Frysk .... I:33-49 en 69-89

Visser, Willem: Oer de behanneling fan affiksen en affik-

soiden yn 'e hânwurdboeken Frysk-Nederlânsk (1984) en Nederlânsk-Frysk (1985)..III:89-103

Opmerkings en diskusje:

Dyk, [Siebren]: Neiskrift..... I:62-63

Hoekstra, Jarich: Sjerp en sjerp..... II:49-56

Meer, Geart van der: Sandhi -- en gjin ein?.... III:25-30

Veen, K.F. van der: Kommintaar op 'e krityk fan Siebren Dyk yn "Tydskrift foar Fryske Taalkunde", jiergong 1 (1985), nû. 1 op myn bydrage "Frekwinsjeûndersyk fan it Frysk" yn Miscellanea Frisica..... I:61-62

Visser, Willem: Sandhi en gjin ein..... III:17-24

Besprek:

N.R. Arhammar e.o. (útj.): Miscellanea Frisica. In nije bondel Fryske stûdzjes. (Besprutsen troch Siebren Dyk, Jarich Hoekstra en Willem Visser) I:16-29

Festschrift Dr. F. Paulsen [=Nordfriesisches Jahrbuch 1984] (Besprutsen troch Siebren Dyk).II:21-27

Fisher, Raymond John: Frisian - English Dictionary (Besprutsen troch Anne Dykstra)..... III:31-32

Holthausen, F.: Altfriesisches Wörterbuch. Zweite, verbesserte Auflage von Dietrich Hofman (Besprutsen troch Rolf Bremmer)..... III:60-68

Köbler, Gerhard: Altfriesisches - neuhochdeutsches und neuhochdeutsches - altfriesisches Wörterbuch (Besprutsen troch Rolf Bremmer)... III:60-68

Köbler, Gerhard: Verzeichnis der Übersetzungsgleichungen der älteren altenglischen Glossare. Verzeichnis der Übersetzungsgleichungen früher friesischer Quellen (Besprutsen troch Rolf Bremmer)..... III:60-68

Miedema, H.T.J.: Bolsward en Bolswarder namen in Oudfriese bronnen (1402 - 1541) (Besprutsen troch Jarich Hoekstra)..... I:99-102

Tamminga, D.A.: Kantekers. Fersprate stikken oer taal en literatuer (Besprutsen troch Willem Visser) II:93-96

Tiersma, Pieter Meijes: Frisian Reference Grammar (Besprutsen troch Anne Dykstra)..... I:90-97

Visser, Willem: Frysk Wurdboek II, nederlânsk - frysk (Besprutsen troch Rienk de Haan).... II:57-65

Wurdlist foar it offisjele ferkear I (Besprutsen troch Siebren Dyk)..... III:104-107

Zantema, J.W.: Frysk Wurdboek I, frysk - nederlânsk (Besprutsen troch Koop C. Scholten)..... I:50-60

Op it mêd:..... I:30-32, 64-68 en 103-104
..... II:28-32, 66-68 en 97-100
..... III:33-36, 69-72 en 108

Kaai op persoansnammen yn 'Op it mêd':

H. Abba zin III:71 - J. Anglade II:28 - N. Arhammar I:30, 67, 104; II:66; II:33; III:34 - W.T. Beetstra III:36 - H. Bloemhoff III:108 - G. Blom I:32 - K. Boelens III:35 - R. de Boer II:98 - J. Boersma II:28 - A. Bor III:34, 70 - C. van Bree I:65 - R. Bremmer I:32, 64, 68; III:72 - Ph. H. Breuker I:104; II:97 - F. Buitenrust Hettema II:99, 100-

W.J. Buma II:32 - M. Chen III:35 - F. Claes I:32 - P. de Clercq II:28 - J.R. Costello I:64 - N. Danielsen I:68- Y. Dror I:68 - A.V. Dvuchzilov II:29 - K. Ebert I:67 - V. Faltings I:68; II:68; III:70, 71 - A. Feitsma II:99; III:33, 35, 69 - K. Fokkema II:28 - M.E. Fort I:32- E.G.A. Galama II:97 - E. van der Geest III:35 - M. Gysseling I:32 - A. Goeman I:30 - A. van der Goot I:31 - D. Gorter I:68; III:35 - G. Gosses II:97 - Ts. de Graaf I:67 - A.W. de Groot II:29 - G. de Haan II:30; III:70 - J.H. Halbertsma III:34 - E. Haugen I:68 - K. Heeroma II:97- W.L. van Helten II:100 - I. Hiemstra I:68 - J.J. Hof II:28; III:69 - T.B. Hoekema I:31, 32; II:32; III:34 - J. Hoekstra I:68; III:34, 70 - L.G. Jansma III:35 - Gj. Jelsma III:35 - O. Jespersen II:29 - P. Kramer I:103; II:32; III:34 - W. Krogman II:67, 68 - J. Krol I:103 - H. Kuhn III:71 - F. van der Kuip III:35 - W. Laur III:71- Th. L. Markey I:66 - J.C. McKay II:28 - I. Meekma III:36- G. van der Meer I:32, 68, 103; II:32; III:34, 70 - H.D. Meijering I:103; II:97; III:35, 108 - H.T.J. Miedema I:31, 103; II:31, 67, 68, 98, 99 - T. Nyberg III:71 - H. Niebaum III:33 - H.F. Nielsen I:32 - A. Noreen II:29- G.A. Piebenga I:68 - F. Popkema II:68 - G. Postma II:28- G. Reinhardt III:71 - S.J.H. Reker II:32 - A.M.J. Riemersma II:97 - J. de Rooij II:31 - I. Schuurman III:108 - P. Sipma II:28, 29, 67 - O.H. Sytstra II:28 - B. Sjölin I:104; II:68; III:71 - J.J. Spahr van der Hoek III:33 - E.G. Stanley II68 - H. Stellingsma II:33 - J. Stienstra II:66- D.A. Tamminga I:31, 32, 65, 66, 104; II:68; III:34, 35, 69, 70 - P.M. Tiersma I:32, 68; II:29, 67; III:36 - U. Timmerman III:71 - W. Visser I:104 - O. Vries I:103; II:67, 68; III:34, 71 - A. Walker III:35 - H. de Walle I:31 - E. Wassenbergh II:100 - F. Weerman II:30 - M. van Wichen-Schol III:71 - A. Wierenga III:108 - O. Wilts III:35 - G. van der Woude II:28 - Sj. Zeyl I:32 - Yo.O. Zhluktenko II:29.

TABEL: oersicht fan de tuskenfoarmen

		1	2	3	4	5	6	7	8	
		noas	foet	tean	stien	doar	beam	hier	stoel	
a	-je	noasje 4	fuotje 1	-	-	-	-	-	-	5
b	-tje	-	N	teantje 1 tjentje 1	N	doartje 1	beamtje 1	hiertje 5 hjirtje 1	N	10
c	-pje	-	-	tjenpje 1	-	-	beampje 9 bjempje 6	-	-	16
d	-kje	noaskje 1	-	-	-	doarkje 2		hierkje 2 hjirkje 1	-	6
e	-tsje	-	F	F	F	doartsje 9 duartsje 2	beamtsje 1	hiertsje 18	F	30
f	-ke	F	fûtke 1 foetke 1	teanke 1	stienke 6 stjinke 3	F	F	haarke 1	stoelke 7 stuolke 14 stjolke 1	2 33
g	-ske	F	fuotske 2 fjotske 1	teanske 1 tjenske 1						5
h	-tske			tjentske 1	stjintske 1				stûltske 1 stuoltske 9	12
		5	6	7	10	14	17	28	32	119

Byskrift: N = neffens de regels fan it Nederlânsk; F = neffens dy fan it Frysk; - = soe tsjin dy fan beide talen yngean; in leech fakje = neffens my as tuskenfoarm ek wol tinkber

sil dêrneffens tenei op 23 steld wurde. It soe nijsgjirrich wêze om te witten oft dizze fjouwer skiften fan tuskenfoarmen, guon mei in Nederlânsk grûnwurd, mei in Frysk grûnwurd, mei in "ferkeard" Frysk suffiks en dy mei steapelfoarmen ek passe yn de fazen fan taalwinning by dizze net-frysktalige bern. Dêr is yn dizze stûdzje in termometer foar: de brekking. Giet it oanlearen fan dizze ferlytsingsskiften lyk op mei it oanlearen fan de brekking by dizze selde groep fan bern?

Earst de beide tuskenfoarmen mei in Nederlânsk grûnwurd. Hja komme foar by in bern ût de jongste beukergroep en by in jonge ût de sechsde klasse, allebeide noch mar krekt hjir en sadwaande yn it begjinstadium fan har Frysk. De 37-6=31 tuskenfoarmen mei in Frysk grûnwurd ha brekkingsskoares fan heech oant leech - teoretysk wie it minimum 0 en it maksimum 15 - mar de measten sitte dêr mei de brekking tusken yn, yn de middenpartij. De 63 oergeneralisaasjes ha by de brekking sawat like folle lege, middel as hege skoares. En dan noch de 23 steapelfoarmen: dy sitte yn de middelgroepen fan de brekking en tsjin de hege skoares oan. Om it ferbân oan te jaan tusken it oanlearen fan de ferlytsingssuffiksen en it oanlearen fan de brekking, soe men dus op syn meast sizze kinne, dat de pear tuskenfoarmen mei Nederlânske grûnwurden yn it earstoan komme en de steapelfoarmen tsjin it lêstoan.

Yn de tabel op s. 81 wurdt in oersicht jûn fan alle tuskenfoarmen. Dêrby binne foar it gemak de twa tuskenfoarmen <u>fûtke</u> en <u>haarke</u> ek mar by it suffiks <u>-ke</u> yndield. Achter elke tf stiet hoe faak oft er yn it korpus foarkomt. De oantallen binne te lyts om mei persinten te wurkjen en der moat foargoed by betocht wurde, dat dit net minder, mar ek net mear is as wat de bern der by de enkête yn har earste opstigings daliks ûtsmiten ha. In hurde ferklearring is dan ek net te jaan. Men kin besykje om yn de hûd fan guon opfallende bern te krûpen en sa, mei de petearen mei bern en ûnderwizers noch yn 'e holle of op papier, de ynfloed fan guon fariabelen neigean op it brûken fan dizze ferlytsingssuffiksen.

6. <u>Fariabelen</u>

Twa fan de trije net-frysktaligen hiene by it petear gjin tuskenfoarmen. By dy bern binne twa leeftydsgroepen te

ûndersk ieden. De earste is de groep fan beukers en fan earste klassers, dy't noch net oan aktyf Frysk ta is. Dan pleagje har de tuskenfoarmen fansels ek noch net. De oare groep binne de bern ût de middelklasse, mar foaral ût de boppebou dy't har, wat âlder wat better, oanpast ha oan de taal fan de maten en sadwaande de tuskenfoarmen achter har litten ha. It hat der in heap fan, dat it mei de leeftyd gearhingjend ferlet om ek mei de taal op de maten yn te spyljen sterker is as de fariabele fan de koartere of langere tiid, dat men as oarstalich bern hjir tahâldt.

Hjirboppe is ûtgien fan de tuskenfoarmen, dêr't de oarstaligen mei oankamen. It kin ek oars: neigean, hoe't it sit mei de ferdieling fan de oarstaligen dy't gjin tuskenfoarmen brûkten yn it ûndersyk. En dan giet it oer twa dingen, har leeftyd (rekkene neffens har klasse) en har behearskjen fan de brekking.

Earst is der in tichte kluster fan 30 jonge bern (beukers en inkelden ût de earste klasse) dy't noch helendal gjin aktyf Frysk brûke en itselde jildt foar trije bern ût de heechste klassen, dy't hjir noch mar krekt kommen binne te wenjen. Dan is der in groep fan 17 bern, foaral ût de klassen 2 en 3, dy't de suffiksen yn 'e macht ha, mar de brekking noch net. In gruttere groep fan 50 bern ût de klassen 4 en foaral 5 en 6 hat mei de suffiksen gjin probleem en de brekking komt njonkelytsen ek wol. Sân jongere bern (beukers en earste klasse) rinne der ût omt hja de suffiksen en de brekking beide al goed te pakken ha.

Dat binne dan 107 oarstaligen dy't gjin lêst hienen fan tuskenfoarmen. Bern mei tuskenfoarmen kamen yn alle klassen foar, mar de measten, twa op de trije, sieten yn de middelklassen of de boppebou.

Ek noch wat oer oarstalige bern ût ien hûshâlding. Hjirûnder in pear foarbylden dy't dêr karakteristyk foar binne. Soks is nijsgjirrich omt dan de fariabelen ût it fermidden fierhinne ûtskeakele binne.

Earst fjouwer bern ût in hûshâlding, dy't hjir al seis jier wennet:

12.403, jonge, brekkingsskoare 05, tf: noasje
12.601, jonge, brekkingsskoare 06, gjin tf yn it Frysk
12.704, famke, brekkingsskoare 06, gjin tf yn it Frysk
12.802, jonge, brekkingsskoare 10, gjin tf yn it Frysk

Ut in oar doarp in hûshâlding, dy't hjirwei om utens

ferhuze is mar hjir twa jier ferlyn weromkommen is:

9.503, famke, brekkingsskoare 07 mei doarkje, bjempje, hjirkje; dat bern sei ek fan noasen mei in [s], in karakteristyk fan nederlânsktalige bern. Hja fielde har tekoarten sels ek: "Ik kan het niet zo goed uitspreken".

9.709, jonge, brekkingsskoare 08 mei teantje, tjenpje, tjentske.Ek ût oare uteringen wie te fernimmen, dat er tige ûnwis wie. Hy is der in goed foarbyld fan, dat it faker feroarjen fan fiertaal yn de leeftyd fan acht-njoggen jier gjin goed docht oan it taalgebrûk.

9.807, jonge, brekkingsskoare 11 mei hiertsje as tf.

As tredde foarbyld in hûshâlding, dy't hjir in jier is. De fiertaal thûs is Amelâns.

71.115, famke, brekkingsskoare 00, allinne Nederlânsk.

71.314, famke, brekkingsskoare 00, allinne Nederlânsk.

71.511, famke, brekkingsskoare 06, doartje, beampje, hiertje.

Mar inkeldris bliuwt ienselde tuskenfoarm yn in hûshâlding yn gebrûk: 13.504, in jonge mei in brekkingsskoare fan 07 sei fan stuoltske, fjotske, teanke. Syn suske 13.806 hie deselde brekkingsskoare, mar hie as tuskenfoarm allinne mar stuoltske. Dat is seldsum gefal, ek yn ien hûshâlding wikselt trochstrings de tuskenfoarm, bygelyks fan stuolke en stoelke (71.402, famke mei in skoare fan 06) nei stuoltske (har suske, 71.602, mei in skoare fan 13). It liket my ta, dat ek foar dit taalgebrûk de maten wichtiger binne as de hûshâlding.

It tal jonges en famkes ûntrint inoar net folle, dat sekseferskil sil hjir net in soad ûtmeitsje.

It iene bern is fansels taalgefoeliger as in oarenien en sil dan ek gauwer wat oernimme.

In famke mei in Surinaamske mem (dy't ek al Frysk begûn te praten) siet yn de fjirde klasse, hie in brekkingsskoare fan 12, mar sei fan stuoltske. Har suske ût de twadde klasse mei in skoare fan 11 hie de noarm stuoltsje. Mar der wiene op dyselde lytse skoalle wol twa fan hûs ût frysktalige famkes, beide mei in brekkingsskoare fan 14, yn de twadde en yn de fjirde klasse, dy't ek stuoltske seine!

Want it is typearjend foar de situaasje fan it Frysk, dat ek 24 fan de 607 fan hûs ût frysktalige bern dochs tuskenfoarmen brûkten. Yn alle skoallen fan de enkête siet wol

ien of mear. Yn de grutte skoalle fan Eanjum fjouwer, mar ek fjouwer yn de lytse skoalle fan Peazens. Yn Brantgum en Ternaard mei sa likernôch de helte oarstaligen hie ik mear ferwachte, mar dêr hâlde it mei resp. twa en ien op. Ek yn oar materiaal komt ût dat de systeemskieding tusken de beide talen dêr mar skerp is. It falt op dat de 24 frysktaligen mei tuskenfoarmen navenant fiks faker -tsje (doartsje, beamtsje, hiertsje) ha as de oarstaligen. Soe de glâns fan it by ûtstek fryske -ke der by har wat ôfgean?

Gearfatsjend is by dizze taalwinningsfoarm de leeftyd in wichtige fariabele, omt dêr de taalmacht fan de maten mei gearhinget. De tiid fan hjir tahâlden komt dêrneffens op it twadde plan. En der bliuwe altyd ferrassings, omt men de persoanlike fariabelen net wit:

> In jonkje hie in hege skoare brekking (11), mar hy siet oanklaud mei de suffiksen. It kaam ût hy hie in skoft spraakles hân om him oer syn stammerjen by stimleaze spiranten en ploffers hinne te helpen.

7. De acht wurden

Yn de tabel binne nochal wat hokjes iepen. Guon dêrfan soene in foarm opsmite, dy't tsjin de noarmen fan beide talen yngiet, bygelyks *teanje; yn dy hokjes stiet it teken -. Mar c3 lit sjen dat it suffiks -pje in sterke ynfloed hat by dizze nederlânsktalige bern, dy't hjir heaks op stiet. Hokjes lyk as b2 ha de Nederlânske noarm en dêr is in N yn tekene. Sa hat f5 in F foar de Fryske noarm. Yn de rigen a, b, c, en d is de ynfloed fan it Nederlânske suffiks -je sterk. Oan de oantallen tuskenfoarmen yn rige e te sjen wurdt it suffiks -tsje as "oersetting" fan it Nederlânske -tje ek gauris brûkt. Yn skoalle hearre bern alle dagen weroan dat famkes bygelyks Pietje, Hiltje of Jantje neamd wurde, mar dat wurdt as in gelegenheidsnamme field foar Pytsje, Hiltsje en Jantsje, dêr't jo as bern mei boartsje. nammen mei -ke, lyk as Klaske en Sietske bliuwe yn skoalle Klaske en Sytske. De grutte attraksje yn it Frysk is it suffiks -ke yn de rigen f en (minder) yn g en h.[11]

---

[11] Jarich Hoekstra holp my oan de opmerking, dat dit -ke dizze bern ek opfalle kin yn foar har gongbere haadwurden as molke, balke en foarke. En de k stiet ek yn ferba as buorkje en iterativen as farkje.

Elk fan de Nederlânske suffiksen -pje (wormpje), -tje (peertje), -etje (lammetje) en -je (aapje) hat wol gefallen dat de Fryske oersetting -ke hat. Sadwaande kin it bern maklik oergeneralisearje en besykje om der altyd ût te kommen mei -ke. De lêste konsonant fan it grûnwurd hat ek syn ynfloed, dat is sa te sjen. Mar dêr is alles net mei sein: tean en stien binne beide wurden, dy't yn it bernelibben faak foarkomme, mar tean hat hjir foarmen, dy't stien net hat. Al kin soks by dit oantal fan 176 bern wol tafal wêze.

8. De steapelfoarmen

Steapelfoarmen kinne ûntstien wêze troch in regel twa kear ta te passen:

-ske yn fuotske en fjotske	F2: -t + s(je)
	F1: s + -ke
-(t)ske yn teanske, tjenske	F2: -n + t(sje)
tjentske, stjintske	F1: s + -ke
yn stûltske, stuoltske	F2: -l + ts(je)
	F1: s + -ke

De foarmen op -kje yn rigel d fan de tabel by noaskje, doarkje, hierkje en hjirkje kinne ek steapelfoarmen neamd wurde: F1: -r of -s + -ke
F2: -k + -je

Steapelfoarmen kamen net foar yn Nes, Holwert (iepenbier) en Eanjum. Dat hoecht him net te sitten yn in leger persintaazje oarstaligen. Holwert (iepenbier) hat mei syn 31% oarstaligen gjin steapelfoarmen en Holwert (bysûnder) hat mei 12% oarstaligen dochs fjouwer steapelfoarmen. Dêr stiet foar oer, dat Brantgum mei 46% oarstaligen fan alle skoallen de measten hat: 8 fan de totale 23. De oare skoallen ha elk fjouwer minder. Yn alle klassen komme wol steapelfoarmen foar, de measten noch yn de middelklassen. Oarstaligen mei steapelfoarmen helje by de brekkingskoares fan 2 oant en mei 13, mar de measten helje in middenskoare. Bûten de 23 fan de tabel om binne der ek noch in pear fan hûs ût frysktaligen dy't steapelfoarmen brûke. De ienige steapelfoarm, dy't wat faker foarkomt is stuoltske: fan njoggen kear trije kear yn Brantgum yn ferskillende klassen en hûshâldings, twa kear yn Boarnwert by in broer en in suster, twa kear yn Holwert (bys.) mei noch in kear stûltske en noch twa kear yn Peazens. Yn Peazens seine in

frysktalich famke út de tredde en sa'n jonge út de sechsde klasse ek fan stuoltske.

Gearfatsjend: Steapelfoarmen komme ferspraat foar, heel inkeld ek by frysktaligen, nei -s of -r (-kje) en nei -n (-ske en -tske). Mear is der út dit ûndersyk wei net oer te sizzen.[12]

9. Didaktysk kommentaar

As it yn it beuker- en leger ûnderwiis om it oanlearen fan Fryske ferlytsingsfoarmen giet, dan ha twa fan de trije net-frysktaligen dêr gjin swierrichheden mei. De fan hûs út nederlânsktaligen ha hjir in achterstân by de mingdtalige bern út hûshâldings dêr't in dialekt of it Frysk mei fiertaal us.

By de beukers en ek yn de earste klasse fan de legere skoalle hat it fan hûs út nederlânsktalige bern almeast noch gjin tuskenfoarmen, omt it bern yn it algemien dan noch net oan aktyf Frysk ta is. De skoalle sil dêr op ynspylje moatte troch sokken passyf Frysk oan te bieden; harkjen nei Frysk en, as it dêr technysk oan ta is, ek it lêzen dêrfan helpe it bern om goed mei de noarm yn 'e kunde te kommen.

No it tredde part fan de nederlânsktaligen dat wol tuskenfoarmen brûkt. Dy bern sitte yn alle klassen, mar fierwei it meast yn de middelklassen. Dêr leit blykber de gefoelige, faaks better sein, de kwetsbere leeftyd foar de tuskenfoarmen. It is bekend, dat op 'e legere skoalle it Frysk der yn de middelklassen it minste foar wei komt. Foar dizze groep fan nederlânsktalige bern is dat net geunstich. Dy ha - en dat leit foar de mingdtaligen ek sa - krekt yn dy jierren baat by wissens yn de taalnoarm en by kânsen om dy noarm sels ta te passen.

In hele rige fan fariabelen hat ynfloed hân op it al of net foarkommen fan de tuskenfoarmen by de ferlytsingswurden. Fansels spilet mei it tal jierren, dat in bern hjir yn it Fryske taalgebiet wennet, mar dat waacht net

---

[12] Ta beslût fan it taalkundige part tige tank oan drs. J. Hoekstra en drs. P. Breuker foar it lêzen fan en it praten oer dit artikel. By it gearstallen dêrfan is gjin gebrûk mear makke fan de lêste syn artikel yn It Beaken (1982), s. 85-95.

it swierste. Fan bern, dy't hjir krekt delsetten kamen, mei gjin noarmatyf taalgebrûk ferwachte wurde. Mar it wie opfallend, dat heel wat bern ût de middelklassen en foaral ût de boppebou har flot oansletten ha by it taalgebrûk fan de maten; flotter as jongere bern. By it neigean fan bern ût ien hûshâlding kaam soks dûdlik ût. Ek it feit, dat ien selde tuskenfoarm mar komselden by mear bern ût ien hûshâlding foarkaam, mar wol yn itselde skoallefermidden, wiist der op dat de taal fan de maten gewicht hat. En dêrmei ek de leeftyd dat dy omgong essinsjeel is yn it libben fan de bern. Myn ûnderfining by it oanlearen fan de brekking slût dêrby oan. Yn de boppebou foaral gebrûk meitsje fan dy taalmacht, dat is winsklik.

Wat de learstof oanbelanget, leit by de ferlytsingswurden it oangripingspunt by haadwurden, dy't yn it Nederlânsk en it Frysk gelyk binne. Der wiene yn it materiaal hast gjin tuskenfoarmen fan in Nederlânsk haadwurd en in Frysk suffiks. It oanlearen sil dêr goed by oanslute mei wurden ût F1 (sjuch paragraaf 3), lyk as aapke, meske, slofke. Foar de oarstaligen heart it suffiks -ke sa dûdlik by it Frysk, dat it fan dy yn beide talen gelikense haadwurden mar in lyts stapke is nei haadwurden mei in bytsje ferskil. Dat jildt earst foar bygelyks ferske, earke, parke en doarke en neitiid ek foar haadwurden op -m, lyk as beamke en wjirmke (rige c yn de tabel), al moatte dy mear omtinken ha.

It slimste binne foar dizze bern de Fryske ferlytsingswurden op -tsje (paragraaf 3, F2). Rige e yn de tabel jout foarbylden, dat it Nederlânske -tje sljuchtwei ferfongen wurdt troch -tsje. It sil net maklik wêze foar de bern om har te wennen oan F2 dat -tsje beslist moat yn it Frysk nei -l, -n, -t en -d, mar dat it op oare plakken dan ek net mei. As dêr systematysk omtinken oan jûn wurdt, sil dat alle bern yn 'e middelklassen en de boppebou - ek de frysktaligen - helpe om steapelfoarmen foar te kommen.[13]

---

[13] Yn de Pompeblêden (1984), s. 280-281 ha ik besocht om in boartlike mûglikheid foar sa'n systematyske oanpak te jaan. Men soe wol graach ris witte wolle, oft it yn de praktyk sa kin.

Oer de behanneling fan affiksen en affiksoiden yn 'e hânwurdboeken Frysk-Nederlânsk (1984) en Nederlânsk-Frysk (1985)

WILLEM VISSER

0. Ynliedend

Yn dizze bydrage wol ik besjen hoe't yn 'e nijste twa hânwurdboeken de affiksen en affiksoiden behannele binne. Om dat goed dwaan te kinnen, sil mear yn it algemien wat oer twatalige wurdboeken sein wurde, oer de ferhâlding folkstaal - kultuertaal en it plak fan it Frysk datoangeande. De fraach òft affiksen en affiksoiden wol yn in hânwurdboek opnommen wurde moatte, krijt ek omtinken. Dêrnei wurdt in (net folsleine) list jûn fan affiksen en affiksoiden, ferdield yn produktyf, ûnproduktyf en 'spesifyk Frysk'. Mei in pear evaluearjende parten wurdt besletten.

1. Twatalige wurdboeken

Idealiter bestienen der tusken twa talen A en B fjouwer soarten algemiene twatalige wurdboeken. Utgeande fan A-B in produksje- en in begrypwurdboek[1] en útgeande fan B-A allyksa in produksje- en in begrypwurdboek. A-B is út taal A wei besjoen in 'hinübersetzendes' wurdboek en út taal B wei is it 'herübersetzend'. By B-A is dat útsoarte rjochtoarsom. In produksjewurdboek A-B hat as doel om minsken mei in kompetinsje fan taal A te helpen by it produsearjen fan teksten yn taal B, wylst in begrypwurdboek A-B as doel hat om minsken mei in kompetinsje fan taal B te helpen by it begripen fan teksten yn taal A. In begrypwurdboek moat in wiidweidige makrostruktuer hawwe, in produksjewurdboek folle mear in wiidweidige mikrostruktuer. It ûnderskie tusken produksje- en begrypwurdboek moat ek ta utering komme yn 'e behanneling fan (ûn)produktive affiksen en affiksoiden.

Dy 'ideale' twatalige tastân liket my inkel opgean te

---

[1] In produksjewurdboek wurdt ek wol in aktyf wurdboek neamd, in begrypwurdboek ek wol in passyf wurdboek.

kinnen foar talen dy't der beide oanspraak op meitsje kinne dat it kultuertalen binne. Under in kultuertaal kin begrepen wurde: in taal dy't yn alle sitewaasjes en alle domeinen fan it libben brûkt wurde kin. It begryp 'kultuertaal' kinne wy it bêste operasjonalisearje as in punt op in glydzjende skaal, tusken oan 'e iene ein it suvere dialekt en oan 'e oare ein de suvere kultuertaal. Men soe dan sizze kinne dat bygelyks it Nederlânsk minder in kultuertaal is as it Ingelsk.

It wichtichste skaaimerk fan in tichter by it dialekt steande taal liket my te wêzen dat dy frâl mûnling en minder op skrift brûkt wurdt. Wat tichter by it dialekt, wat minder at dat lêste sa wêze sil. Foar in twatalich wurdboek liket my dat fan grut belang ta, omdat wurdboeken yn it miene útgeane fan benammen de skreaune taal.[2] Dy skreaune taal is by wurdboeken fan in kultuertaal yn 'e regel it ûnmarkearre gefal; typyske foarmen út 'e sprutsene taal wurde apart (as restriktyf) markearre, mei in labeltsje bygelyks.

By dialektwurdboeken yn it Nederlânske taalgebiet sjocht men dat der yn 'e regel fan it dialekt[3] nei it Nederlânsk wurke wurdt, mar net oarsom. Sa'n dialektwurdboek soe dan yn begjinsel noch as in begryp- of in produksjewurdboek besjoen wurde kinne. Yn 'e praktyk liket my dat lykswols amper effektuearre te wurden. In dialekt stiet altyd yn relaasje ta in oare, 'mear omfiemjende' taal. Dialektbrûkers hawwe yn 'e regel dy 'mear omfiemjende' taal ek yn 'e macht, op skrift likegoed as mûnling, allinnich al omdat dy yn it ûnderrjocht foarkomt as fak en, wat op syn minst like wichtich is, fungearret as fiertaal. It sil foar in dialektbrûker yn Nederlân dêrom ek net nedich wêze en sykje help by in dialekt-Nederlânsk wurdboek om in tekst yn it Nederlânsk te produsearjen. In soksoartich wurdboek liket earder in wittenskiplik (taaldeskriptyf), statusferheegjend of 'konservearjend' doel te hawwen; dat lêste wannear't (amateur)dialektwurdboek-

---

[2]Faak binne se basearre op in korpus skreaune taal, al of net oanfolle mei opjeften fan mûnling taalgebrûk.

[3]It materiaal moat dan apart sammele wurde, mei ynterviews bygelyks, of út 'e seldsume skriftlike teksten helle wurde.

skriuwers har dialekt, dat yn it neigean is, foar de neiteam fêstlizze en bewarje wolle.

2. De ferhâlding Frysk-Nederlânsk

De neikommende stân fan saken mei bekend achte wurde. It Frysk is net yn deselde graad kultuertaal as it Nederlânsk en net yn deselde graad dialekt as bygelyks it Sieusk. It kin yn minder domeinen brûkt wurde as it earste, mar hat dochs in hiele lange en moai grutte skriftlike tradysje. Boppedat ferskilt it taalkundich sjoen aardich fan it ABN, dêr't it gjin dialekt fan is. It is dan ek as twadde rykstaal fan Nederlân erkend.

Meidat it Frysk yn it ûnderrjocht altyd in hiel lyts plak hân hat - earst sûnt 1980 is der in wol tige mylde foarm fan ferplichting yn it basisûnderrjocht - binne de measte fryskpraters parsjeel analfabeet yn 'e eigen taal. In moai grut part derfan kin it Frysk lêze, in frij lyts part kin it skriuwe. Troch û.o. it ûnderrjocht, mei it Nederlânsk as fiertaal, troch de ynfloed fan 'e media, dêr't it Frysk o sa swak stiet, troch de tanimmende ferskriftliking fan it (iepenbiere) libben en trochdat it ekonomyske swiertepunt yn 'e rânestêd leit, hat elke frysktalige it Nederlânsk op syn minst passyf yn 'e macht. Yn 'e praktyk fan al den dei funksjonearret it Frysk foaral as sprutsene taal.

Dy sitewaasje hat gefolgen foar de twatalige wurdboeken tusken it Frysk en it Nederlânsk. In Fr.-Ned. wurdboek sil troch in frysktalige net brûkt wurde hoege by it produsearjen fan Nederlânske teksten. In nederlânsktalige sil it brûke as in begrypwurdboek, wylst in frysktalige der tagelyk ynformaasje yn fine wol dy't winliks yn in Frysk ferklearjend wurdboek thûs heart, bygelyks betsjutting en stavering. Sa'n wurdboek is der lykswols op it stuit spitigernôch (noch) net.

In Ned.-Fr. wurdboek sil troch frysktaligen net brûkt wurde hoege by it begripen fan in Nederlânske tekst, mar folle mear as help by it produsearjen fan in Frysken-ien. Troch it minimale ûnderrjocht yn it Frysk hawwe likegoed de native speakers it Nederlânsk op skrift better yn 'e macht as it Frysk. Troch in nederlânsktalige sil sa'n wurdboek benammen as in produksjewurdboek brûkt wurde. In frysktalige sil der boppedat de noarm foar syn Frysk yn

fine wolle. Der wurdt ommers meastentiids sa redenearre: it stiet yn it wurdboek, dat dan is it 'goed' of 'geef' Frysk. Yn it saneamde 'standertfrysk' sit noch wol moai wat romte foar dialektyske fariaasje, mar it is neffens my langer al in noasje dy't foar de frysktaligen hieltyd reëler wurdt of is.

Wy kinne in Fr.-Ned. wurdboek karakterisearje as in begrypwurdboek, in Ned.-Fr. wurdboek as in produksjewurdboek, beide ta in hichte foar likegoed frysk- as nederlânsktaligen.

3. Hearre affiksen/affiksoiden yn in hânwurdboek thûs?

Yn 'e nije hânwurdboeken Fr.-Ned. (1984) en Ned.-Fr. (1985) binne ek affiksen en affiksoiden as aparte yngongen opnommen. De fraach is oft dy dêr wol yn thûshearre. Hat de sljochtwei brûker fan in wurdboek, de net-taalkundige, dêr feitliks wol ferlet fan? Dy sil yn 't foarste plak om **wurden** en net om affiksen sykje. Dizze fragen sit in mear teoretyske en in mear praktyske kant oan.

At yn in wittenskiplik wurdboek as it WFT affiksen behannele wurde, dan moatte se ek yn 'e hânwurdboeken opnommen wurde. Der is neffens my nammentlik gjin prinsipieel ferskil tusken dy twa, inkel in praktysken-ien, beskaat troch it slach brûker dat jo dermei betsjinje wolle. Foar in beskaat slach brûker soe it yndie wolris net nedich wêze kinne en nim affiksen op. Omdat de Fryske hânwurdboeken fanditoangeande gjin eksplisite beheiningen oanjouwe, mar foar in 'breed publyk' ornearre binne, mei men it opnimmen fan affiksen needsaaklik achtsje. Hoe't dat dien wurdt, is in saak fan leksikografyske strategy: der kin foar keazen wurde om se as yngong op te nimmen, mar se kinne ek yn in grammatikaal kompindium behannele wurde (of by de yngong kin dêrnei ferwiisd wurde). De nije hânwurdboeken hawwe net sa'n kompindium.

Yn in wurdboek wurdt ûtsoarte de besteande wurdskat fan in taal sa goed mooglik ferantwurde, of better sein: dat part derfan dat it wurdboek eksplisyt ferantwurdzje wol. In goede ferantwurding fan 'e affiksen is tige fan belang, omdat op sa'n wize ta in hichte it besteanbere, troch 'rule governed creativity' ôf te lieden, part fan

'e wurdskat wer te jaan is.[4] My tinkt alteast dat in goed wurdboek dêr al in smeet op dwaan moast.

Der is ek noch in wol tige triviale reden om it opnimmen fan affiksen yn 'e beide lêste hânwurdboeken nei te gean. Yn dy wurdboeken is der foar keazen om affiksen as aparte yngongen op te nimmen, sûnder (praktyske of teoretyske) ferantwurding dat makket. Dan mei men ek neigean oft dat wol konsekwint en konsistint dien is, omdat konsekwintens en konsistintens de betrouberens en brûkberens fan in wurdboek útmeitsje.

4. watfoar affiksen/affiksoiden moatte wêr en wêrom

Yn it begrypwurdboek Fr.-Ned. mei men it opnimmen fan 'e produktive en ûnproduktive affiksen en affiksoiden ferwachtsje, dêrby ynbegrepen de 'spesifyk Fryske' dêr't net in Nederlânsk ekwivalint yn 'e foarm fan in affiks of affiksoide foar bestiet.

Yn it produksjewurdboek Ned.-Fr. mei men it opnimmen fan 'e produktive Nederlânske affiksen en affiksoiden ferwachtsje, wylst de 'spesifyk Fryske' lichtwol yn 'e mikrostruktuer ferantwurde wurde moatte.[5]

Ik gean der dêrby fan út dat it min ofte mear dûdlik is wat de produktiven en ûnproduktiven binne. It opnimmen fan ûnproduktive affiksen en affiksoiden hat in begrypfunksje - der kinne gjin nije ôfliedingen mear mei makke wurde - en hearre dêrom inkel yn Fr.-Ned. thûs.

5. de listen fan affiksen en affiksoiden

Yn it lêste hânwurdboek Fr.-Ned. haw ik neigongen watfoar affiksen en affiksoiden oft behannele binne en tagelyk wat foar ferlykberen yn Ned.-Fr. Dat kin, omdat it Nederlânsk en it Frysk wat wurdfoarming oangiet gâns faninoar hawwe. Dy affiksen en affiksoiden haw ik ferdield yn produktyf, ûnproduktyf en 'spesifyk Frysk'; dat lêste skift soe sels ek wer te ferdielen wêze yn produktyf en ûnproduktyf. Dy kwalifikaasjes stuolkje op myn eigen

---

[4]Foar in produsje- en in begrypwurdboek leit dat net gelyk, sjoch fierderop.

[5]Nim bygelyks it Fryske suffiks -ernôch; dat soe yn Ned.-Fr. by genoeg en te behannele wurde kinne.

oardielen, in oar soe lichtwol ta in wat oare yndieling kommen wêze. Ik haw net stribbe nei folsleinens, mar my tinkt, ik haw de measte syngroane gefallen hjir wol.[6] Boppedat haw ik my beheind ta de 'Germaanske' gefallen en de affikssystematyk yn it 'frjemde' part fan 'e wurdskat net besjoen. Foar de Fryske gefallen is gjin ûnderskie makke tusken deadjektivyske, deferbale en denominale, omdat it my inkel om it al of net opnimmen te rêden wie. Likemin haw ik de wize fan behanneljen fan 'e al opnommen affiksen en affiksoiden yngeand besjoen, wat letter fansels al dien wurde moatte soe. In inkel yllustratyf foarbyld moat genôch wêze foar aard en funksje fan it oanbelangjende affiks of affiksoide. Ik haw ek, mear as dat ik wiermeitsje kin, oannommen dat de Fryske en ferlykbere Nederlânske affiksen en affiksoiden deselde falinsje hawwe. Sûnder mis binne der faak ferskillen, al binne dy mooglik ek noch sa subtyl; ik haw dêr lykwols fan abstrahearre en bin derfan útgongen dat bygelyks Frysk -ich en Nederlânsk -ig 'gelyk' binne.

Ik jou no in alfabetysk oardere oersjoch. In * foar in foarm jout oan dat dy yn it oanbelangjende wurdboek net foarkomt.

A. de produktive affiksen/affiksoiden[7]

	Fr.-Ned.		Ned.-Fr.
a	-achtich/-eftich (grien-grieneftich)	a	*-achtig
b	alder-/aller- (lêst-allerlêst)	b	aller-
c	*be- (dykje-bedykje)	c	*be-
d	*-ber	d	*-baar

[6]It suffiks -te (yn bygelyks beamte) beskôgje ik as syngroan ûnproduktyf, omdat it noch wol as in suffiks werom te kennen is, oars as bygelyks -el (yn bygelyks leppel) en -t (yn bygelyks skrift en grêft).

[7]Yn Fr.-Ned. binne ôf- (hiel wat ôfkeatse; ôfbjinne), om- (ompiele; omfreegje; omneame; omsmite), ta- (tastappe), troch- (trochrinne; trochknippe) opnommen net liker as gong it om in affiksyngong (yn- yn bygelyks ynhelje net). Omdat sokke wurden los fan it oare foarkomme kinne, kin men se better bywurd of partikel neame. Dêrom haw ik se hjir net opnommen.

(bûg(e)-bûgber)

e	-earje	e	*-eren
	(dupe-dupearje)		
f	-ens/-heid	f	*-heid
	(grien-grienens; grienich-grienichheid)		
g	-er/-der	g	*-er/-aar
	(rinn(e)-rinner/rinder)		
h	-erij/-derij	h	*-erij/ge-
	(rekken(je)-rekken(d)erij)		
i	-erich/-derich	i	*-erig/-derig
	(gûl(e)-gûl(d)erich)		
j	-erwize	j	*-erwijs
	(boartsjend-boartsjenderwize)		
k	fer-	k	*ver-
	(plantsje-ferplantsje)		
l	ge-	l	*ge-
	(tsier(e)-getsier)		
m	-ich	m	*-ig
	(grien-grienich)		
n	*-ing	n	*-ing
	(oanbied(e)-oanbieding)		
o	-inne	o	*-in
	(bear-bearinne)		
p	yn-	p	in-
	(droech-yndroech)		
q	-leas/-loas	q	*-loos
	(wurk-wurkleas)		
r	-lik	r	*-lijk
	(boarger-boargerlik)		
s	-man	s	*-boer/-man
	(skyl-skileman)		
t	mantsje-	t	*mannetjes-
	(knyn-mantsjeknyn)		
u	oer-	u	over-
	(myld-oermyld)		
v	on-/ûn-	v	on-
	(aardich-ûnaardich)		
w	ont-/ûnt-	w	ont-
	(slute-ûntslute)		
x	-persoans	x	*-persoons
	(twa-twapersoans)		
y	*-skip	y	*-schap

	(foarsitter-foarsitterskip)		
z	-ster	z	*-ster
	(skriuw(e)- skriuwster)		
aa	troch-	aa	*door-
	(kâld-trochkâld)		
bb	*wan-	bb	*wan-
	(ferhâlding-wanferhâlding)		
cc	-wei	cc	*-weg/-erwijs
	(bedaard-bedaardwei)		
dd	wer-	dd	*her-
	(beneame-werbeneame)		
ee	wyfke-	ee	wijfjes-
	(knyn-wyfkeknyn)		

B. de ûnproduktive affiksen/affiksoiden

a *aarts- (ingel-aartsingel)
b *-dom (hartoch-hartochdom)
c *-(e)ling (tsjuster-tsjusterling; stom-stommeling)
d *-en (goud-gouden)
e *-ernij (raz(e)-razernij)
f *-ert (slûch-slûgert)
g -es(se) (lêzer-lêzeres(se))
h -hande/-hanne (allerhanne)
i -lei (tred-tredderlei)
j *-liks (jier-jierliks)
k *-nis (tsjuster-tsjusternis)
l -s (lekken-lekkens)
m *-s (jier-jiers)
n *-sel (win(e)-wynsel)
o *-sum (ien-iensum)
p *-sk (grut-grutsk)
q *-st (beting(je)-betingst)
r *-te (beam-beamte)
s *-t(m)e (stil-stilt(m)e)

C. de 'spesifyk Fryske' affiksen/affiksoiden

a *-ark (foet-fuotark)
b *-baas (Skelte-Skeltebaas)
c *-boel (drek-drekboel)
d *-brot (drek-drekbrot)
e *-enich (dize-dizenich)
f -ernôch/-dernôch (grut-grutternôch; fier-

fierdernôch)

g -fol (amer-ammerfol)
h *-guod (mich-miggeguod)
i -heal (fjirde-fjirdeheal)
j -heale (fjirde-fjirdeheale)
k *-ichheid (ûnfolslein-ûnfolsleinichheid)
l -mannich (kear-(in) kearmannich)
m -muoi (Anne-Annemuoi)
n -oan (langer-langeroan)
o -om (Gysbert-Gysbertom)
p -resom (fiif-fiifresom)
q -ris (twa-twaris)
r -ske (master-masterske)
s -sma (ferfelend-ferfelendsma)
t *-spul (griente-grientespul)
u te- (brekke-tebrekke)

6. evaluaasje fan 'e listen

It falt op dat yn Fr.-Ned. de produktive affiksen en affiksoiden ridlik goed ferantwurde binne, de ûnproduktiven min en de 'spesifyk Frysken' wer wat better. Yn Ned.-Fr. is it skraabjen om 'e kant.

It is needsaaklik dat de produktive affiksen en affiksoiden likegoed yn in begryp- as yn in produksjewurdboek ferantwurde wurde. Yn Fr.-Ned. komme wat dat oangiet in pear ûnbegryplike fersommen foar: be-, -ber, -ing, -skip en wan-. It Fryske affiks be- hat guon funksjes dy't it Nederlânske be- net of minder frekwint hat, dat it opnimmen dêrfan hie kontrastyf besjoen tige fan belang west. Yn Ned.-Fr. is gewoanwei te min opnommen dat in brûker by it produsearjen fan Nederlânske teksten op dit mêd holpen wurde kin.

Faak lykje de Nederlânske en Fryske affiksen wol opinoar. Bytiden hat it Frysk twa farianten, bygelyks foar-achtig likegoed -eftich as -achtich, sûnder dat der fan funksjeferskil praat wurde kin, mear fan stylferskil.[8] Bytiden binne der lykswols farianten, bygelyks foar -heid

[8]Men soe it ferskil yn dit gefal ek oars beneame kinne: skriuwtaal vs. sprutsene taal of geef Frysk vs. min(der) Frysk.

likegoed -ens, -heid as -ichheid, dat de ûnderskate Fryske affiksen op fonologyske grûnen ferskillende typen grûnwurd selektearje en dat der boppedat funksjeferskil[9] is. Yn sa'n gefal is opnimmen op kontrastive grûnen fan fitaal belang en kin in brûker der op sa'n foet neat mei wurde. De produksjewearde fan Ned.-Fr. wurdt dêrtroch gâns in ein minder.

It opnimmen fan ymproduktive affiksen en affiksoiden hat in begrypfunksje en is dêrom te ferwachtsjen yn Fr.-Ned. Op dat punt lykswols liket it raar, mei alwer ûnbegryplike omisjes lykas: -ert, -sel, -s (adverbiaal), -st, -te, -t(m)e. Sokke gefallen lykje my foar in brûker tige ynformatyf wêze te kinnen.

De 'spesifyk Fryske' affiksen en affiksoiden binne wer wat better fertsjintwurdige. It opnimmen dêrfan liket needsaaklik te wêzen, omdat in nederlânsktalige dêrfoar alhiel gjin berop dwaan kin op syn/har kompetinsje, wat yn it gefal fan (ûn)produktive affiksen en affiksoiden by morfologysk te ferlykjen talen as it Frysk en it Nederlânsk wol in bytsje liket te kinnen. Yn Ned.-Fr. hienen sokke affiksen en affiksoiden earne yn 'e mikrostruktuer behannele wurde moatten (sjoch noat 5). Oft soks dien is, haw ik net neigongen; ik haw it idee dat dat likemin konsekwint dien is.

7. Hoe koe it safier komme?

De fraach komt op, hoe't it mooglik is dat de affiksen en affiksoiden op sa'n wize behannele wurde koenen. De neifolgjende punten lykje my dat ta in hichte ferklearje te kinnen, wat lykswols gjin ûntskuldiging ynhâlde kin noch mei:

a) foar de earste kear waarden yn Fr.-Ned. en Ned.-Fr. affiksen en affiksoiden (bûne morfemen) yn in Frysk wurdboek behannele. En it is fansels altyd makliker om in foargonger te ferbetterjen as om sels fuortynienen hiel goed te begjinnen;
b) Fr.-Ned. is gearstald op basis fan it kaarte-apparaat foar it WFT; it kin bêst sa wêze dat de behanneling fan

---

[9] Ik doel derop dat -ens net-telbere nomina makket en -(ich)heid telbere.

'e bûne morfemen yn dat apparaat dy yn Fr.-Ned. beynfloede hat, en dat wylst it WFT in wat oar slach wurdboek is;

c) oan 'e bestudearring fan 'e Fryske morfology is it measte noch net dien; allinnich al in goed morfologysk hânboek soe in leksikograaf tige behelpsum wêze kinne op it nêd fan it behanneljen fan 'e bûne morfemen;

d) ût eigen ûnderfining wit ik dat der foar it skriuwen fan Fr.-Ned. likegoed as Ned.-Fr. amper tiid en romte foar leksikografyske refleksje foarsjoen wie. Wannear't net yn 't foar neitocht wurdt oer it ûnderskie tusken in produksje- en in begrypwurdboek en it plak fan bûne morfemen dêryn, dan is oan 'ûntspoaringen' lykas yn dizze wurdboeken faaks net te ûntkommen.

Punt d) liket my it wichtichste fan 'e fjouwer te wêzen.

8. <u>In útstel</u>

Yn in wurdboek soe idealiter fan elk affiks/affiksoide oanjûn wurde moatte:

a) oan watfoar kategory fan wurden oft it him fêstmakket;

b) ta watfoar kategory oft it sels heart, derfan útgeande dat it affiks it haad fan 'e ôflieding is[10];

c) de eventuele fonologyske, morfologyske en/of semantyske easken dy't it opleit oan it wurd dêr't it him oan fêstmakket;

d) de betsjuttingsbydrage dy't it leveret oan it wurd dêr't it diel fan útmakket; dy moat sa dizenich en algemien mooglik beskreaun wurde, dat sa min mooglik ynterpretaasjes útsletten wurde;

e) mooglike bysûnderheden.

Yn in twatalich wurdboek giet it derom om foar in affiks/affiksoide yn taal A in ekwivalint te finen yn taal B. dan makket it ferskil oft men mei in produksje- of mei in begrypwurdboek te krijen hat.

Yn in begrypwurdboek sil de ynformaasjewearde fan it opnimmen fan in bûn morfeem foarop stean. It giet derom dat men oan 'e hân fan 'e affiksyngong in wurd, dêr't men it idee fan hat dat it affigearre is, analysearje kin nei

---

[10] Foar in prefiks jildt dat net, dêrfoar is de kategory fan it wurd dêr't it him oan fêstmakket tagelyk de kategory fan 'e hiele ôflieding.

foarm en betsjutting, wannear't dat wurd net in aparte yngong útmakket. Omdat men der fan útgean mei dat de ûnregelmjittige foarmen, likegoed neffens de foarm as de betsjutting, allegearre apart opnommen binne, hat it alle kâns dat men inkel en allinnich regelmjittige foarmen oan 'e hân fan 'e affiksyngong analysearje moatte sil. It liket my dêrom sa te wêzen dat foaral punt d) ferantwurde wurde moat, at men derfan útgean wol dat in twatalich begrypwurdboek yn 't foarste plak as in 'semantic problem solver' beskôge wurde moat.

Yn in produksjewurdboek, dat as in 'lexical generating device' tsjinst dwaan moat, sil de produksjewearde fan it opnimmen fan in bûn morfeem foarop stean. It giet derom dat men oan 'e han fan 'e affiksyngong foar in affigearre wurd yn taal A ta in ekwivalint affigearre wurd yn taal B komme kin. It kin fansels altyd sa wêze dat fan in transparant ôflaat wurd yn taal A yn taal B in net-ôflaat ekwivalint bestiet, in gefal dêr't in affiksyngong net yn foarsjen kin. Ik sjoch net hoe't in wurdboek soks oan kin, oars as troch dat transparant ôflate wurd op te nimmen. Yn it gefal fan in produksjewurdboek mei men der allyksa fan útgean dat de ûnregelmjittige foarmen apart ferantwurde wurde, omdat men oan 'e hân fan 'e affiksyngong allinnich de regelmjittige foarmen, nei foarm en betsjutting, meitsje kinne sil. It liket my sa te wêzen dat yn in produksjewurdboek de punten a) oant en mei e) ferantwurde wurde moatte. Yn ferbân mei c) sil men yn it gefal fan in A-B produksjewurdboek dan lichtwol faak in B-A begrypwurdboek derby krije moatte, omdat de ynformaasje oer bygelyks klam en útspraak om praktyske reden yn 'e regel net yn beide wurdboeken opnommen wurdt, dat dan moat der in berop dien wurde op 'e bidireksjonaliteit.

Mei a) oant en mei e) komme wy op it mêd fan 'e ynformaasje dy't ta it leksikon yn taalkundige sin liket te hearren. Der wurdt fan útgongen dat soksoartige ynformaasje heart ta de kompetinsje fan in taalbrûker, dy't er brûkt by it meitsjen (en begripen) fan produktive ôfliedingen. It liket my in saak fan leksikografyske strategy te wêzen om dy ynformaasje op in foar de brûker sa aardich mooglike wize te represintearjen. Lit my besykje om in pear foarbylden ta jaan fan hoe't ik my yntinke koe dat de bûne

morfemen yn Ned.-Fr. en Fr.-Ned. behannele wienen.[11]

Fr.-Ned. :

-ens, aff.; $[X\text{-ens}]_N$; betsjuttingsbydrage: it X-wêzen[12]

-heid, aff.; $[X\text{-heid}]_N$; betsjuttingsbydrage: a)it X-wêzen, b)in beskaat gehiel fan wat X is

-ichheid, aff.; $[X\text{-ichheid}]_N$; betsjuttingsbydrage: a)it X-wêzen, b)in beskaat gehiel fan wat X is

Ned.-Fr. :

-heid, aff.; I -ens (a: [X + ens], X = eigenskipswurd; b: foarmet in net-telber haadwurd; c: basis besteande ût ien syllabe of ût mear syllaben mei de klam op 'e lêste; d: it X-wêzen)

II -heid (a: [X + heid], X = eigenskipswurd; foarmet in yn prinsipe telber haadwurd; c: basis fan leafst mear as ien syllabe sûnder de klam op 'e lêste; d: 1)it X-wêzen, 2)in beskaat gehiel fan wat X is)

III -ichheid (a: [X + ichheid], X = eigenskipswurd; b: foarmet in yn prinsipe telber haadwurd; c: basis besteande ût ien syllabe of ût mear syllaben mei de klam op 'e lêste; d: 1)it X-wêzen, 2)in beskaat gehiel fan wat X is)

Fr.-Ned.

-ing, aff.; $[X\text{-ing}]_N$; betsjuttingsbydrage: 1)de hanneling fan it X-en, 2)it risseltaat fan it X-en.[12]

Ned.-Fr.

---

[11] Ik doch hjir alles yn it Frysk; yn 'e werklikheid sil it foar it berik fan 'e wurdboeken nei alle gedachten praktysker wêze en doch alles yn it Nederlânsk.

[12] Omdat ik it Fr.-Ned. as in begrypwurdboek beskôgje, in 'semantic problem solver', kin hjir de fariabele 'X' brûkt wurde; yn it produksjewurdboek Ned.-Fr. moat X fiksearre wurde foar in beskate kategoriale wearde.

-ing, aff..; -ing (a: [X + ing], X = tiidwurd; b: foarmet in yn prinsipe telber haadwurd; c: basis besteande ût in hannelingstiidwurd; d: 1)de hanneling fan it X-en, 2)it risseltaat fan it X-en; e: yn it Frysk wurdt yn it gefal fan betsjutting 1) alfolle in nominale ynfinityf brûkt)

It sil klearrichheid hawwe dat soks noch tige behoffene en ferbettere wurde moat. Boppedat moat de morfology fan it Frysk noch folle better ûndersocht wurde, wolle wy better doel krije oer de krekte restriksjes op affigearring. Wat hjirboppe stiet, is net mear as in ûtstel. Dochs liket it my al it soarte ynformaasje te wêzen dat yn twatalige begryp- en produksjewurdboeken te finen wêze moat, at de brûker der wat oan hawwe sil.

Hjirboppe haw ik gjin ûnderdiel foar it ûnderskie produktyf-ûnproduktyf makke. Dat liket my ek net winsklik ta, omdat it slach wurdboek beskiedend wêze moat foar watfoar soarte affiksen oft behannele wurde. Yn in begrypwurdboek mei men produktive en ûnproduktive ferwachtsje, yn in produksjewurdboek inkel produktive. Ynformaasje datoangeande by de affiksyngong apart wurdt dêrmei redundant. Dat slacht dan op it ûnmarkearre gefal, by aparte gefallen kin altyd wat neiers oanjûn wurde.

Yn Fr.-Ned. wurde de al opnommen affiksen en affiksoiden wakker ûngelyk behannele. Bytiden in frij wiidweidige beskriuwing fan 'e subkategorisaasje en de semantyk, mei in pear foarbylden; bytiden in wol tige behindige oantsjutting fan it slach affiks, mei wat foarbylden sûnder fierder kommintaar. It falt op dat by de foarbylden transparante en net-transparante gefallen trochinoar steane. Alhoewol't it my foar in brûker it maklikst taliket dat de oanbeane ynformaasje sa unifoarm, systematysk en konsistint mooglik represintearre wurdt, hie it my dochs leaver west dat der yn Fr.-Ned. mear affiksen en affiksoiden behannele wienen; by in begrypwurdboek as ditte yn dit stadium fan 'e Fryske (meartalige) leksikografy is it feit fan it opnimmen (noch) wichtiger as it hoe dêrfan, liket my ta.

Yn Ned.-Fr. wurdt fan in Nederlânsk affiks of affiksoide net mear jûn as in Frysk ekwivalint. Foar in produksjewurdboek is it sa dûdlik as wat dat dat te min is. Yn dit

gefal is it neffens my net fan belang oft der gâns of in pear opnommen binne; de struktuer fan 'e yngong is hjir nammentlik fan krusiaal belang. Leaver in pear en dy goed as in soad en dy minder goed.

9. Beslût

Binne de wurdboeken Fr.-Ned. en Ned.-Fr. om 'e reden dy't hjirfoar neamd binne no ûnbrûkber? Dat wie neffens my al te stoef sein. Wannear't wy derfan ûtgeane dat brûkberens hieltyd fierder optimalisearre wurde kin, dan kinne wy al sizze dat de brûkberens folle grutter wêze kinnen (en moatten) hie.

Yn Fr.-Ned. en Ned.-Fr. wurde foar it earst yn in Frysk wurdboek bûne morfemen as yngong opnommen. Der is dus yn alle gefallen in begjin. It komt der no op oan om foar in better en systematysker fuortsetting te soargjen. Dêr is leksikologyske refleksje in ûnmisber betingst ta. Foar't praktyske (leksikografyske) besluten nommen wurde kinne, moatte wy ûs earst in abstracto ôffreegje watfoar slach wurdboek oft wy meitsje wolle en foar wa en wat de gefolgen dêrfan binne foar û.o. it behanneljen fan affiksen en affiksoiden. Ik hoopje dat de takomstige Fryske leksikografen dat ek fan betinken wêze sille en dat har de romte foar dy refleksje ek wier gund wurde sil.

Nieuwegein,
ein oktober 1987

Boarnen:

Fr.-Ned.: Frysk Wurdboek. frysk-nederlânsk. Hânwurdboek fan 'e Fryske taal gearstald troch J.W. Zantema. A.J. Osinga Uitgeverij, Leeuwarden/Ljouwert, 1984.

Ned.-Fr.: Frysk Wurdboek. nederlânsk-frysk. Hânwurdboek fan 'e Fryske taal gearstald troch W. Visser. A.J. Osinga Uitgeverij, Leeuwarden/Ljouwert, 1985.

WFT : Wurdboek fan de Fryske Taal/Woordenboek der Friese Taal.

G.v.d.Meer: 'De achterheaksels ENS en HEID yn it Frysk'. Yn: Us Wurk 35 (1986), 108-130. (dit artikel haw ik brûkt by s. 13).

B E S P R E K

Wurdlist foar it offisjele ferkear I, útjûn troch it Taalburo fan 'e Fryske Akademy. Ljouwert (1986). Priis: f7,50.

Jo en ik sille it net alle dagen fernimme, mar it skynt dat it Frysk yn 'e amtnerij wol mear brûkt wurdt as west hat. Dat moat dan dien wurde troch minsken dêr't men net fan oannimme mei dat se alle dagen mei dat Frysk ompiele of dat se allegearre in MO-A-diploma ha. Om sokken in stik ark yn hannen te jaan, is boppeneamde wurdlist útkommen mei faktaal op it mêd fan it offisjele ferkear. It is it doel dat mei help fan it ienfâldich útfierde boekje fan in goed 50 siden in amtner op grûn fan in Hollânsk wurd in gaadlike Fryske wjergader fine kin.

Der soe tsjin sa'n opset ynbrocht wurde kinne dat it tige nuver is om de stipejouwing fia in oare taal te dwaan, ommers de brûker kin allinnich tagong ta in goed Frysk wurd krije fia it Hollânske ekwivalint. Op himsels kin ik my sa'n beswier wol yntinke, mar ik leau dat in list mei Nederlânske yngongen al de meast praktyske wei is. De minsken dy't it ark brûke moatte, binne no ienris allegearre twatalich, sterker noch, it wurk dat se der mei dwaan moatte, sille se almeast al earder dien ha yn it Hollânsk, de hiele wurkomjouwing is Hollânsk, en dan sitte de Hollânske frazen jin om sa mar te sizzen al foar yn 'e kop. Hoe faak komt it net foar dat Fryskskriuwers it oersetwurdboek Hollânsk-Frysk ynsjogge om it ris op syn moaifrysk sizze te kinnen? It grutste manko fan 'e lêste ferzje dêrfan (fan 1985) is nei myn betinken dan ek dat der temin ferskaat oan aardich Frysk jûn wurdt.

It foarwurd giet op dy prinsipiële kwestje oars net yn en lit it by: "Dizze "Wurdlist foar it offisjeel ferkear" [it is te hoopjen dat it taalburo mei syn wurden wat minder rûch omspringt as mei syn eigen titels, s.d.] is bedoeld as help foar minsken dy't yn it offisjeel ferkear it Frysk brûke wolle en der mei it wurdboek net rjocht útkomme. Neist wurden dy't net yn it Frysk Wurdboek 1984 [dat sil 1985 wêze moatte, it jier fan útjefte fan it nederlânsk-fryske part, it is te hoopjen dat it taalburo mei syn wurden wat minder rûch omspringt as mei syn jiertallen, s.d.] steane, binne ek faakbrûkte fêste útdrukkings opnommen om't dy by it oersetten faak swierrichheden jouwe". It kin oan myn ynterpretaasjefermogen lizze, mar ik kin hjir net oars út lêze as dat de keaper foar syn trije ryksdaalders wurden en útdrukkings werom krijt dy't er noch net yn syn wurdboek stean hie.

En dat liket dochs wol wat ferneukeratyf. Ik haw in tafallige side

(nr. 26) dêr op neisjoen, en fan 'e 24 lemma's kinne jo 13 streekrjocht yn it wurdboek weromfine. Dêroerhinne komme noch twa dy't net in eigen yngong yn it wurdboek hawwe, mar dy't dêr wol sûnder problemen ût destillearre wurde kinne. Sa jout it wurdboek kortparkeren net, mar kortparkeerder - 'koartparkearder' stiet der wol yn, en ût kudde - 'keppel' moat dochs ek wol de gearstalling 'keppeldier' te heljen wêze. Fansels, de "Wurdlist" jout wolris wat mear (sa hat it wurdboek by knelpunt gjin ûtdrukking mei 'oast') en ienkear ris hiel wat oars (foar kunstvezel wol de "Wurdlist" ynstee fan 'keunsttrie(d)' 'keunstrizel' ha), mar fakernôch wurdt itselde jûn as yn it wurdboek, en hie yn 'e oare gefallen de taalbrûker him mei it wurdboek ek noch skoan rêde kind. Mei dizze krityk wol ik oars net sizze dat it net in goed ding wêze soe dat de offisjele ferkearichheden ût it wurdboek net in plakje fine mochten yn dizze "Wurdlist", krekt oarsom, alles stiet no moai byelkoar, mar it liket my al sa ta dat it foarwurd in ferkearde foarstelling fan saken jout.

Yn it fierdere fan dit besprek woe ik yngean op 'e kwaliteit fan 'e oersettings en op 'e kwestje hokker wurden oft yn it boekje in plak krige ha. It is sa wol te sjen dat it mêd fan it offisjele ferkear in wide omfieming krige hat. Dat maatregel en malafide dêr yn thûs hearre, wol my fuortendaliks wol oan, en lunchpakket falt miskien yn in tiid fan min fergoede tsjinstreizen ek noch wol te ferdigenjen, mar wat hawwe bygelyks in uitgetreden trap, aangeschreven cirkel of sels lexicometrie (!) mei amtnerstaal te krijen?

De logika fan opnimmen is ek wolris net hielendal dûdlik, en dan doel ik foaral op 'e semantysk trochsichtige gearstallings. Mei it doel en it publyk fan it boekje foar eagen hie it neffens my it ferstannichste west en lit dy dingen mar hielendal wei (sjoch ek myn riddenearring hjirboppe by kuddedier), want no steane registratiekosten, registratienummer en registratierecht der wol by en bygelyks registratiebureau, registratieleges, registratiemoeilijkheid, registratieprobleem, registratieambtenaar, registratietypmachine en registratieoudehoer net. Trouwens, at we it dochs oer effisjinsje ha, at jo aanhouden oersette mei 'oanhâlde', wêrom nimme jo dan fêste ferbinings dêrmei as een agendapunt aanhouden, een kavel aanhouden en personeel aanhouden mei hieltyd 'oanhâlde' yn 'e oersetting dêrnjonken yn 'e goedichheid noch op?

Wat ek moai is, is in wurd as rijksaccountantdienst (rioolwaterzuiveringsinstallatie krekt derboppe is inselde noch langer foarbyld). Wêrom wurdt sa'n folslein trochsichtich wurd mei in folslein trochsichtige oersetting as 'ryksakkountanttsjinst' eins opnaam? Ik kin mar ien reden betinke, en dat is om twa yngongen romte ût te sparjen, want noch rijk noch accountant noch dienst binne opnaam, en dat binne allegearre

stik foar stik ek noch wol amtlike wurden! At jo dan dochs oan 'e gong binne, meitsje der dan rijksaccountantsdienstrapportevaluatie fan, want rapport en evaluatie hawwe ek gjin yngong krige. "Mar dy wurden steane allegearre kreas yn it Frysk Wurdboek (1985)!", sille de gearstalders fan 'e "Wurdlist" roppe. "Mar dêr steane rijksaccountant, accountantsdienst, dienstrapport en rapportevaluatie ek net yn!", bring ik dêr dan wer tsjin yn.

Dan wat oer de Fryske oersettings fan 'e Hollânske lemma's, oftewol hoe rûch giet it Taalburo mei syn wurden om? Ik jouw yn 't foar fuortendaliks ta dat ik ek lang net altiten wat betters witte soe, mar dochs mei leau 'k wol sein wurde dat de "Wurdlist" noch net oeral de ideale oersetting fûn hat. Noch it minst slim is dat by dy oersettings dy't semantysk wol korrekt binne, mar dêr't dochs in part fan 'e krûdigens fan 'e Hollânske útdrukking ferlern gong is. At jo dus leeuwe(aan)deel (dat tusken heakjes ek wer kreas yn it wurdboek stiet) oersette mei 'fierwei it grutste part' dan giet der dochs wat fan 'e rook en 'e smaak ferlern.

Wat slimmer is, en neffens myn yndruk ek faker foarkomt, binne oersettings dy't minder spesifyk binne as it hollânske wurd. Sa hoecht 'öffalferwurking' bygelyks net altyd op compostering út te draaien. Of nim ris in typysk offisjeel ferkearswurd as driestuiversroman, dat geeffolksfrysk oerset wurdt mei 'flutroman', mar dat dochs net hielendal itselde is. Fansels, it is te ferdigenjen dat eltse driestuiversroman in flutroman is, mar oarsom? De Fryske literatuer tilt nei myn oardiel op fan 'e flutromans, wylst jo de driestuiversromans der mei in lampke sykje moatte.

Sokke gefallen binne ferfelend, want de brûker dy't de "Wurdlist" net hiel kritysk hantearret, kin mei help derfan dingen opskriuwe dy't er hielendal net bedoeld hat. Dat kin ek by dy oersettings dêr't de "Wurdlist" dêrwei de planke krekt even misroait. Sa is neffens my de door ons aangehangen gedachte net hielendal itselde as 'it idee dêr't wy fan útgeane', omdat foar myn gefoel by de Hollânske formulearring de uterder it ek wier iens wêze moat mei syn gedachte, wylst dat yn de Fryske formulearring mei it idee net perfoarst hoecht.

Mei de oanholden noarm, loswei te omskriuwen as goedfrysk mar fleksibel, hie 'k net de aldermeaste muoite, al kaam it inkeldris foar dat der foar itselde jild in justjes gevere, of ek Fryskere foarm jûn wurde kind hie. Wêrom bygelyks ynstee fan reinigingsmiddel - 'reinigingsmiddel' net 'skjinmak(kers)middel', of noch better: 'skjinmakkersguod'? Yn it Frysk ha jo ommers ek 'öfwaskersguod', 'wriuwersguod' en 'droechskjirdersguod'.

Nei myn betinken is de "Wurdlist" dus noch net perfekt. No is dy

hege steat minsklikerwiis miskien ek nea te berikken. Mar besykjen is it neiste rjocht, en it ferbetterjen fan wurdboeken en wurdlisten soe idealiter in permanint trochgeand proses wêze moatte. By de "Wurdlist" ha se dat sels, ôfgeand op it foarwurd, ek wol sa yn 'e holle, en dêr wurdt oan 'e brûkers sels frege om oantekenings te meitsjen en de folkwattele eksimplaren wer by it Taalburo yn te leverjen; dêrnei kin de iverige oantekender wer in skjin boekje meikrije. It is te hoopjen dat it yndied sa wurket, mar it systeem docht wol bot in berop op it gefoel foar langetermynbelangen by de minsken: in list mei oanfollings en ferbetterings yn 'e marzje is no ienris mear wurdich as ien sûnder.

Dat bringt my noch by in steurend fersom fan it boekje: it is folslein ûndûdlik wa't de eventueel teloarstelde brûker him lulk op meitsje kin. De titelside jout dêroer gjin inkelde oanwizing. Der is al in Rienk de Haan dy't it foarwurd ûndertekenet, mar hy docht dat "foar it Taalburo fan de Fryske Akademy", dat der skine mear lju mei anneks te wêzen. Eefkes earder is yndied praat fan in "karkommisje fan it Taalburo", mar wa't dat binne, wurde wy net gewaar. Benaud om op 'e kop te krijen? Of falske beskiedenens?

Wy sille it mar op it lêste hâlde, en wêrom ek net? Want der steane by it seksje goede en aardige fynsten yn it boekje, dêr't by opfalt dat yn dy gefallen dat de "Wurdlist" wat ôf doart te wiken fan 'e Hollânske formulearring it Frysk meastentiids wol sa gewoan bylket as de stêdhûstaal yn it foarbyld. Foarbylden yn it sjenre binne bygelyks 'net botte praatsk' foar <u>onmededeelzaam</u>, 'riemplicht' foar <u>aanlijngebod</u> en 'betelle ferlof' foar <u>verlof met behoud van loon</u>. Dat it spitigernôch ek wolris krekt de oare kant útgiet, bewiist bygelyks <u>eerherstel</u>, dêr't it Frysk sa 't liket neat betters hat as 'rehabilitaasje'. Wat fierders oer de hiele liny wurdearre wurde moat, is, dat de gearstallers writen dien ha om mei alternative oersettings foar it ljocht te kommen. Sa is der teminsten nochris wat te kiezen, jo kinne jo wurdkar ris fariearje of gaadliker by de omtekst oanpasse.

In goed en linich brûken fan it Frysk, dêr kin ek in net-amtner dizze "Wurdlist" grif wol om wurdearje. Sterker noch, om my mei er meidraaie yn 'e rees om 'e Obe Postmapriis.

<u>Siebren Dyk</u>

C. Hoppenbrouwers e.o. (útj.): Proeven van Taalwetenschap. Groningen (1986) [= TABU 16, 2]

'Proeven van Taalwetenschap' is in spesjaal nûmer fan it tydskrift TABU, útjûn by gelegenheid fan it emeritaat fan prof A. Sassen. De bondel befettet 39 artikels ferdield oer fiif ôfdielingen: 'Categoriale Grammatica en Semantiek', 'Government en Binding', 'Fonologie', 'Morfologie', Taaldescriptie', Taal en Regio'. It boek kin oanrikkemendearre wurde oan elkenien mei in algemiene niget oan taalkunde. Dat it yn dizze rubryk op it aljemint brocht wurdt, komt om't der twa artikels yn steane dy't ek mear spesifyk foar de frisistyk fan belang wêze kinne.

Henk Bloemhoff besjucht yn syn artikel 'Rimpels door 'reenfels'' gefallen fan it nasalearjen fan in m foar f yn it Oertsjongersk, ferlykje Fryske foarbylden lykas konfoar, kanfer, ronfel.

Hiel nijsgjirrich is fierders it artikel fan Ineke Schuurman en Annet Wieringa oer 'Syntactische nomen-incorporatie bij infinitieven en deelwoorden' yn it Grinslânsk. (De earstneamde skriuwster hat yn Linguistics in the Netherlands 1987 (Dordrecht, Foris) op s. 187-194 noch in artikel oer itselde ûnderwerp). It giet oer it ferskynsel dat in haadwurd (in foarwerp of bepaling) ûnder beskate omstannichheden ynlive wurdt by syn tiidwurd en dêr ien wurd mei foarmet, ferlykje moeke zat te eerabbels schillen en Jaan zat te boukje lezen. Itselde fenomeen oppenearret him ek yn it Frysk (jirpelskile, boekjelêze). Der binne lykwols yn it earste oankommen ynteressante ferskillen mei it Grinslânsk. It soe in goed ding wêze, at it ferskynsel fan nomenynkorporaasje foar it Frysk ekris útsocht waard.

(jh)

Co-frisica IA en IB(1986): Oudfriese kronieken uit het handschrift Leeuwarden RA Schw. 3992, uitgegeven door H.D. Meijering

Co-Frisica is in nije frisistyske rige, in mienskiplik ûndernimmen fan 'e Stûdzjerjochtingen Frysk oan 'e V.U. en oan 'e U.v.A. en it Fach Friesische Philologie fan 'e Christian-Albrechts-Universität yn Kiel. De rige set útein mei in earste nûmer dat bestiet út twa mânske dielen en dat in tekstútjefte befettet fan in stikmannich Aldfryske kronykjes út in hânskrift fan it Ryksargyf yn Ljouwert. Meijering hat se útjûn en foarsjoen fan in koarte ynlieding en in glossarium.

YNHALD

Krine Boelens, Fan hûs út oarstalige bern ûnderweis nei Fryske ferlytsingsfoarmen.....73

Willem Visser, Oer de behanneling fan affiksen en affiksoiden yn 'e hânwurdboeken Frysk-Nederlânsk (1984) en Nederlânsk-Frysk (1985).....89

BESPREK

Wurdlist foar it offisjele ferkear I (Siebren Dyk)....104

OP IT MED.....108

TYDSKRIFT FOAR FRYSKE TAALKUNDE
ferskynt trije kear jiers

Redaksje: Siebren Dyk, Jarich Hoekstra, Willem Visser

Redaksjeskriuwer: Jarich Hoekstra
Brede ikker 4
9295 KS Westergeast

Administraasje: Willem Visser
Van Herwijnenplantsoen 106
3431 VL Nieuwegein

Abonneminten: ƒ 18,- foar partikulieren
ƒ 30,- foar ynstituten en biblioteken